

Preek oer 2Ken.15,32-38 (Hantumhuzen, 21-9-14)

Paradys (Grytsje Kingma)

Fotum en groetnis

Ps.62:4,6,8

10 geboaden

Ges.154:1,2,3

Stil gebed (Grytsje Kingma)

Gebed om it ljocht fan 'e Geast

Skriftlêzing: 2Ken.15,1-7

NLb 96a (Grytsje)

Tekst foar de preek: 2Ken.15,32-38

Preek

Ik haw de Kristus sjoen (Grytsje Kingma en David de Jong)

Ps.146:2,3

Tanksizzing en foarbea

Kollekte

ELb 270 (1 Grytsje Kingma, 2 gemeente)

Segen

Broers en susters yn Jezus Kristus,

Alle dagen jouwe de klokken fan 'e tsjerketoer de oeren fan 'e dei oan. By ús yn Den Ham giet dat wat nuver. Want de klokken liede allinnich moarns om kertier oer achten, middeis om fiif minuten oer tolven en jûns om fiif minuten oer achten. Ik wit net wêrom't dat sa is. Ik wit al dat ik se krekt troch dy nuvere tiden altiten hear. De klokken jouwe ek de tiden fan it libben oan. Se liede, wannear't der ien te hôf brocht wurdt. At je de taal fan 'e klokken fersteane, kinne je hearre oft der in man of in frou begroeven wurde sil. De klokken kinne je fansels net fertelle wa't der no krekt begroeven wurde sil. Op it doarp witte de measte minsken dat ek wol. Mar ek as je dat net witte, je wurde der dochs by stil setten dat der in leech plak op it doarp is. Miskien tinkst noch efkes: Sa sille de klokken ienris ek foar my let wurde. Mar dan giest ek wer oer ta de oarder fan 'e dei. Sa'n lyts bytsje kin it foar dy betsjutte as ien fan dyn meiminsken weirekke is. Sa'n lyts bytsje kin ek dyn ferstjerren betsjutte foar dyn meiminsken.

It stikje út it wurd fan God dêr't wy fan 'e moarn by stilsteane klinkt as it kloklieden by it ferstjerren fan ien dy'tst net kend hast. Kening Jotam fan Juda. Yn it boek oer de keningen fan Israel en Juda moat hy fansels wol neamd wurde. Want hy hat libbe en hy hat regearre. Mar hoe't hy libbe en hoe't hy regearre hat, dat wie neffens de bibelskriuwer blykber net de muoite fan it neamen wurdich. No ja, Jotam hat noch al de Boppepoarte fan it hûs fan de Heare boud. Mar fierders? Hy die, sa't de Heare it ha woe, seit it wurd fan God

It wurdt der net altiten better fan as je libben ûnder it fergrutglês lein wurdt. Docht dan net bliken datst ek in soad tiid fergriemd hast mei dingen fan neat? Wat hat der no wier ta dien? As ik dy fraach yn my omgean lit, tink ik: Ik soe wolle dat der fan my sein wurde koe, wat der fan kening

Jotam sein is: “Hy die, sa’t de Heare it hawwe woe”. Want al dy dingen dêr’t ik sa drok mei bin, wat binne se wurdich as dat net fan my sein wurde kin?

Jotam, kening by de graasje fan God

1. ûnôfhinklik fan in folk dat er net yn ’e macht hie
2. ôfhinklik fan in God dy’t er net yn ’e macht hie

1. Kening Jotam hat in iensum man west. Fan *him* koe sein wurde dat hy die sa’t de Heare it ha woe. Mar fan *it folk* dêr’t hy kening fan wie koe dat net sein wurde. Want oer har stiet skreauwen: “Noch altyd slachte en offere it folk op ’e offerhichten”.

Is dat no sa slim? As der op dy offerhichten no offere wurde oan frjemde goaden... Mar sa wie it net. De minsken brochten har offers wis wol oan de Heare. Se dienen dat allinnich net yn ’e timpel yn Jeruzalem, mar op it alter dat yn har eigen stêd of doarp stie. Foar’t jo dy minsken yn jo hert al gelyk jouwe, moat ik al sizze dat de wetten fan Mozes hielendal net safolle offers foarskreaunen. Lês bygelyks it bibelboek Leviticus mar ris. Dat begjint mei de wurden: “As ien fan jimme de Heare in offerjefte bringe wol...” (dan moatte jim dat sa en sa ha). De Heare kin Him blykber wol yntinke dat syn folk har tankberens oan Him uterje wol. Yn al dy offerwetten makket Hy dat mooglik. It wienen kânsen en sykje de Heare op. Want de Heare sjocht syn folk graach kommen. Mar sa graach woe it folk no ek wer net komme. Se woenen wol komme, mar it moast net tefolle tiid kostje. It ferlangen fan it folk om God te sykjen wie net sa grut as it ferlangen fan God om fûn te wurden. Hy hie grutter langstme nei har as sy nei Him.

“Allinnich de offerhichten waarden net sljochte. Noch altyd slachte en offere it folk op ’e offerhichten”. Faaks tinke wy, as wy sa’n sintsje lêze: “It is ek noait goed. Is der in kening dy’t docht sa’t de Heare it ha wol, moat der dochs wer wat sein wurde dat de blidens bedjert”. Mar sa is it dus net bedoeld. Der klinkt teloarstelling yn troch. It is net sa dat God ek noait tefreden is. It is earder sa dat wy te gau tefreden binne.

En Jotam dan? Dat sintsje liket dochs in krityske oantekening by *syn* keningskip te wêzen. Want al die er as minske sa’t de Heare it ha woe, as kening liet er in godstsjinst dy’t net sa wie as de Heare it ha woe mar gewurde. Dat hie ek oars kind. Syn pakesizzer, kening Hizkia fan Juda, soe dy offerhichten wol sljochtsje (2Ken.18,4). Dochts leau ik net dat it wurd fan God mei dat sintsje oer dy offerhichten sizze wol dat Jotam wat *net* die: dy hichten sljochtsje. Want der folget fuortendaliks in sintsje oer wat Jotam *al* die: de Boppepoarte fan ’e timpel bouwe. It sil hjir gean oer in nije yngong foar it binnenste foarhôf, dêr’t it alter foar it brânoffer stie. Je soenen sizze kinne dat Jotam sa de doar nei God waachwiid iepensette. Hy die net de doarren fan ’e lokale hillichdommen ticht, mar hy die de doar nei it sintrale hillichdom iepen. Wat sprekt dêr in wiisheid út!

Guon minsken sil de oanpak fan Jotams pakesizzer, kening Hizkia, mear oansprekke: oprêde dy brot. Sa'n Jotam, dat is in sloppeling dy't noch leaut dat bern opfiede itselde is as bern frijlitte. No, wy ha sjoen wat dêrfan telâne komt. Bern hawwe regels nedich dy't ek hanthavene wurde. Net mei in wân op 'e hûd. Mar in pedagogyske tik, dat moat kinne. Bûten de doar mei it al wer wat rûger. Net allinnich rjochtse, mar ek linkse ministers sizze tsjinwurdich dat se de problemen "keihard aanpakken". Jotam is út, Hizkia is yn. Mar Hizkia hat likemin as syn pake foarkomme kind dat it folk fan God yn ballingskip fierd waard. Want mei syn bikkelhurde oanpak koe er de herten fan it folk net feroarje. It jout my dêrom stof ta tinken dat it wurd fan God net allinnich fan Hizkia, mar ek fan Jotam seit: "Hy die, sa't de Heare it hawwe woe". Of sa't de âlde oersetting fan Wumkes it seit: "Hy die dat rjucht wier yn 'e eagen des Heare". Yn dy oersetting falt de klam wat minder op wat Jotam die, en wat mear op wat de Heare seach. Ek dizze tuskenpaus fûn genede yn de eagen fan de Heare.

Want in tuskenpaus wie Jotam. It grutste part fan syn regearing hat er net mear west as in regint, dy't it bestjoer fan it lân waarnaam wylst syn heit siik wie. Dochs grypt de ûnôfhinklikheid fan dizze tuskenpaus my oan. By de tariedings foar dizze preek lies ik in boekje in grifformearde dûmny út Britswert. Dy skreau mear as tachtich jier lyn – ik sis it mar efkes yn myn eigen wurden nei – : "Jotam hat net by steat west en hâldt it geastlike fermal tsjin. Want it hert fan syn ôfkearige folk hied er net yn 'e macht. It sil him sear dy ha dat hy syn folk net mei krije koe op it paad fan 'e godsfreze. Dochs bleau hy har foargean op dat paad". Mar de sinnen dy't doe kamen taasten my earst wier yn it moed: "Jotam is in lieder dy't net laat wurdt troch har dy't folgje moatte. Hy doart yn te gean tsjin de publike opiny. Hy hâldt him steande. As it moat: lykme-allinne".

"In lieder dy't net laat wurdt troch har dy't folgje moatte". Dat binne profetyske wurden. Yn 2014 binne ferkiezings ferwurden ta opinyeelingen. De partijen dy't it ûnbehagen fan it folk it measte yn 'e mjitte komme, wurde it grutste. Mar de messiaanske kening doart allinnich te stean. Yn syn iensumens liket Jotam fan Jeruzalem op syn fiere neikommeling Jezus fan Nazaret. Oer Him seit de Bibel: "Hâld Jezus yn it each, dy't ús liedt en ta de folsleinens bringt op 'e wei fan it leauwen. Om de freugde dy't foar Him lei, hat Er it krús op Him nommen en dy skande net teld en hat dan ek sit nommen oan 'e rjochterhân fan 'e troan fan God. Tink dan oan Him, dy't safolle tsjinstân fan 'e sûnders ferneare woe. Jimme moatte de moedfearren net hingje litte en gjin belies jaan" (Hebr.12,2.3).

Dy Jezus is de kening fan 'e wrâld en it haad fan 'e tsjerke. Syn keninkryk wurdt sichtber dêr't minsken it oandoare mei Him iensum te wêzen. It is net by in islamityske steat dy't kristenen, yezidi's en sjyiten stielhurd oanpakt. It is ek net by in Nederlânske steat dy't problemen 'keihard' oanpakt. It is by har dy't besykje it kweade te oerwinnen troch it goede (Rom.12,21).

2. Jotam wie net ôfhinklik fan syn folk, mar ôfhinklik fan syn God, ... dy't er allikemin yn 'e macht hie. Miskien rekke my dat noch wol it measte yn dat lytse stikje oar dy lytse kening: "Yn dy dagen begûn de Heare kening Resin fan Aram en Pêkach, soan fan Remalja, op Juda los te litten". Snapst dat no? As de Heare no yn de tiid fan Jotams soan begûn fijannen op Juda los te litten, dan koenen wy dêr noch wol ynkomme. Want dat wie my in goddeleazenien! Dy brocht sels syn eigen soan as offer oan watfoar grouwélige ôfgod ek. Mar wêrom no al oarloch yn Juda, as der noch in kening oan it bewâld is dy't docht wat rjocht is yn 'e eagen fan de Heare?

Mar moat de Heare dêr dan in goede reden foar ha, broers en susters? Moat it wol logysk wêze as God ús it kweade taskikt? Of mei it like ûnlogysk wêze dat God ús it kweade taskikt as dat Er ús it goede taskikt? Miskien is dy fraach jo wil grifformearde genôch. Dat sil dan wol útkomme, want ik bin ek grifformearde. Ik sil net sa gau tinke dat ik it ek wol fertsjinne ha as de Heare goed foar my is. Ik fernuverje my der earder oer as God goed foar my is wylst ik it net fertsjinne ha. Gods leafde foar my lit him net beredeneare. En neffens it lytse stikje út 'e Bibel dat wy fan 'e moarn oertinke hoecht dat ek net. Want wêrom fûn dy lytse kening no genede yn de eagen fan God? Om't hy de Boppepoarte fan it hûs fan de Heare boud hie? Ik tink dat is oarsom wie. Hy boude de Boppepoarte fan it hûs fan de Heare om't hy genede fûn hie in Gods eagen. De doarren fan 'e timpel moasten waachwiid iepenstean omdat de doarren fan Gods hert waachwiid iepensteane. Jotam woe neat oars wêze as kening by de graasje fan God. En Hy hope dat syn minsken neat oars wêze woenen as minsken by de graasje fan God. Gods genede moast alle romte krije, yn it libben fan 'e kening en yn it libben fan syn folk. Yn minne dagen likegoed as yn goede dagen, yn sykte likegoed as yn sûnens, yn earmoed likegoed as yn rykdom, yn oarloch likegoed as yn frede. Sa keas Jotam syn wegen: mei syn God, de Heare, foar eagen (2Kron.27,6).

Jotam, wy witte sawat neat mear fan him as dat er der west hat. Miskien witte de minsken fan jo ienris ek net mear te sizzen, wannear't de klokken liede by jo begraffenis. Wat docht it der ta, ast minske west hast by de graasje fan God? Lit fan oaren de fertsjinsten mar breed útmetten wurde; de genede dêr'sto fan libbe hast sil dy bridte fier oertrefte. Want dy genede is grutter asto fertsjinne hast en giet langer mei asto libbe hast.

"Van oude mensen, de dingen die voorbijgaan". Dat is de titel fan in roman fan Louis Couperus. De biografy fan kening Jotam hat in oare titel: "Fan lytse minsken, de dingen dy't bliuwe". Wês mar sa'n lyts minske, dy't net yn noed en soarch sit oer in bulte dingen, mar om dat iene ding dat nedich is: genede fine yn Gods eagen. Ast dy genede sikest by Jezus Kristus, hast it bêste part keazen, dat dy noait ôfnommen wurde sil (Lk.10,41.42).

Amen.